

Fryslân is juster ferri-ke mei it dichterskollektyf Rixt. De leden rinne oer fan ambysje. Poëtysk reagearje op de aktualiteit wolle se. It publyk opsykje mei 'guerilla-aksjes' en de Fryske dichtkeunst ynternasjonaal op de kaart sette. „De Fryske poëzij hâldt by Obe en Tsjêbbe net op.”

Sietse de Vries

De maten op de wylde feart



Seis leden fan dichterskollektyf Rixt mei fan linksôf Geart Tjichelaar, Cor van der Wal, Tjje Hoekstra/Yva Hokwerda, Syds Wiersma, Jetze de Vries en Andre Looijenga. FOTO NELS WESTRA

Earst mar eefkes oer de namme. By in diskusje yn de Boekewike begjin dit jier oer de frou yn de literatuer waard fêststeld dat alle literêre prizen yn Fryslân neamd binne nei manlju: Gysbert Japicx, Oe Postma, Douwe Tamminga, Fedde Schurer en Rink van der Velde. It stie foar de leden fan it nije kollektyf dêrom fanôf it alderearste begjin fêst dat se harren nei in dichters neame woene.

Mar wa moast it wurde? Ella Wassenaar, de dichtersnamme fan Lipkje Post-Buckens? Rixt, it pseudonym fan Hendrika Akke van Dorsanen? Tiny Mulder? Neffens dichter André Looijenga wie foar alle trije wat te sizzen. „Ella Wassenaar skriuwt fan dy trije miskien wol de modernste poëzij. Tiny Mulder wurdt it meast lêzen en Rixt is fan de trije it bekendst.”

“Wa binn' myn maten op dy wylde feart?/Wa binn' mei mij, dy't wyn noch romte keart?”

AMATEURODICHTERS

Rixt hat syn bestean te tankjen oan de ondfrede by in oantal dichters oer de ferkiezing fan de Dichter fan Fryslân ferliere jier. Mei har oermerking dat amateurdichters miskien wol geskikter wiene foar dy posysje as guon festige dichters wie deputearre Sietse Poepjes neffens Abe de Vries en in oantal oare dichters op de stoel fan de sjuery sitten gjien. Syds Wiersma kaam op it idee om in Dichter fan de Moanne, as alternatyf foar in Dichter fan Fryslân, yn it libben te roppen. Dy soe yn de moanne dat hy of sy oan bar wie twa gedichten meitsje moatte oer de aktualiteit.

Binne de koartste kearen hie Wiersma tweintich dichters safier om mei te dwaan. Noch fjouwer derby en se koene de twa jier fan de Dichter fan Fryslân folmeitsje. Op 1 jannewaris fan dit jier – op deselde dei dat Eeltsje Hettinga úteinsette as Dichter fan Fryslân – waard Willem Abma de earste Dichter fan de Moanne.

Earder al hiene se kontakt socht mei deputearre Sietse Poepjes. Wiersma: „Se reagearre eins hiel posityf. De proseduerre foar de ferkiezing fan de Dichter fan Fryslân gie gewoon troch – dat wie in beslút fan Provinsjale Steaten – mar se woe us bêst stypje, ek finansjeel as it sa útkaam. Meitsje mar in plan en tsjinje dat mar yn’, sei se. Wat se foaral wurdearre, wie dat it in plan fan ûnderoep wie.”

Yn novimber is it plan yntsjinne. Wichtichste ûnderdielen binne

de Dichter fan de Moanne en de webside dêr't alle gedichten fan de dielnimmers op publisearre wurde. En dêr't ek oaren oan bydrage kinne. De provinsje hat jild beskikber steld om dy webside troch in professionele foarmjouwer en webbouwer meitsje te litten. Doel is om der ynkoarten in twatalige webside fan te meitsjen, Frysk en Ingelsk.

Nei Willem Abma folgen Aggie van der Meer, Geert Tjichelaar en Piter Yedema. It moanedichterskip fan de lêste hie in tragysk ferrin. Hy wie op 19 april útnage by de iepening fan ekologysk woenprojekt Frjilân ûnder de reek fan Ljouwert. Hy hat syn spesjaal foar dy gelegenheid makke fers *Fûgeltsjêlân* dêr foardroegen. Op de weromreis op de fyts nei Mantgum krige er in herstulstân. Hy stoar in dei foardat er 77 jier waard.

FIERSTE GEFAARLIK

Syds Wiersma wie yn maaie Dichter fan de Moanne. Hy hie der suver wat tsjinop sjoen, mar it pakke folseien oars út as wêr't er bang foar west hie. „Ast soks op dy nimst, dan moastst. Ik hie noait tocht dat ik dat leuk fine soe. Mar it twingt dy om fan bepaalde ûnderwerpen wat te finen, om nei te tinken oer dingen dy't dy reitsje.”

It gedicht *Echte helden* skreau er nei oanlieding fan it ferhaal dat televyzjehoernalist Gerard van der Veer op 5 maaie yn de Blokhús-poarte yn Ljouwert hold oer syn mem. Se hie koerierster west yn de oarloch, mar se seach harsels net as in held. „Ik hie it net gau wer sa dien, fierste gefanlik”, fertelde se har soan letter. Echte helden binne

seldsum moast witte, hie se derby soen. Van der Veer neamde de yn de oarloch ontkommen feresetsman fan Evenhuis as foarbyld fan in man dy't wol in held west hie. Nei it ferhaal fan Gerard van der Veer fytsde Syds Wiersma nei de seedyk. Underweis krige er ynspirasje.

ECHE HELDEN

De sinne sakket happich oer Froubuorren/wylst ik de ôfslach Alde Leie nim./De jûn fan fjouwer maaie, wer dy stim/dy't seit: ik ha se stean sjoen tsjin de muorren/en wist net wat ik wie, de bange fûn/foar't fjouwerloft of dy oare skiter/dy't as syn baas blaft as de soademiter/mei't plennen fan in razzia begjint./ Fan ûnrjocht siedt it bloed, mar wat soe ik dwaan/as boalsfeinten my op 'e boelch sille?/Echte helden binne seldsum moast witte, wilst noait wa't swije sille en wa't slaan./De sinne leit bedobbe yn it Bilt,/ald diken fykje troch it frije fjild.

Syds Wiersma: „As ik net Dichter fan de Moanne west hie, hie ik dat gedicht noait skreaun. Sa moatte der in hiel soad net-skreaune gedichten wêze. Ik ha dit no ûntdutsen, ik stiet my frij om – ek as ik gjin Dichter fan de Moanne mear bin – gedichten oer de aktualiteit foar Rixt.frl yn te stjoeren.”

SLEPPERIGE BEOEDING

Jetze de Vries, mei yngong fan hjoed Dichter fan de Moanne, ferliet syn funksje mei dy fan de 'heyako' by de Lakota-yndianen. Dy hat in soart fan nar-funksje, hy is de man dy't op boartlike wize de oare kant fan in soad dingen sjen litte moat. „Sokken moatte wy yn

de Fryske literatuer ek ha, oars

Neffens Tjje Hoekstra – dichtersnamme: Yva Hokwerda – is it ien fan de taken fan de dichter om, mei syn sensitiviteit en syn fermogen om dy yn wurden om te setten, de ûntjouwings yn de maatskippij fan kommentaar te foarsjen. „Mar fan dichters kinst net bestean. Wy hawwe in baan, wy hawwe stress, wy hawwe te min tiid, dat der binne in soad ûngeboare gedichten.”

Tagelyk is se it mei Jetze de Vries iens dat it sûnder in funksje yn de maatskippij dreech is foar in dichter om altyd wer ynspirasje op te dwaan. Jetze de Vries: „Der moat flink wat modder wêze om in blom groeie te litten. Dy sensitiviteit moast ûntwikkelje. Doe't ik in skoftsje lyn in film oer minsken mei kanker seach, makken minsken om my hinne dêr grapkes oer. Dy hawwe dy sensitiviteit dus net.”

Rixt.frl is der om alle moannen ien dichter út te daagjen om sjen te litten wat er kin. Tagelyk moast it in podium wurde foar oare dichters dy't – al of net oer de aktualiteit – fan har hearre litte wolle. Jetze de Vries: „De oandacht giet faak te folle út nei deade dichters. Fansels, wy ha in soad oan har te tankjen, wy bouwe fierder op harren wurk, mar de Fryske poëzij hâldt by Obe en Tsjêbbe net op. Ast slochst hoeffolle jild der stutsen is yn dat trijetalige boek oer Obe. De lêste kear dat ik gedichten foardroech, koe der net iens in konsumpsjebon of. Wy wolle mear oandacht oan de dichters fan no jaan.”

André Looijenga: „Dy trijetalige Obe is oars wol in prachtich boek. As bûtenlânske toerist mei belang-

stelling foar literatuer soe ik dat as earste keanje.”

De ambysje fan Rixt bliuwt net beheid ta Dichter fan de Moanne en Rixt.frl. It kollektyf – dat ûnderwilens fjirtich nammen telt – hoptek ek dat ynstutúsjes en partikulieren Rixt witte te finen as se by ien of oare gelegenheid ferlet ha fan in dichter. It wol kontakten oer de Nederlânske grins oengan. Fierder binne der plannen foar 'guerilla-aksjes', dat wol sizze foar koarte optredens fan dichters op plakken dêr't de minsken dat fuort net ferwachtsje. Syds Wiersma: „Kinst oerol op in earappelsje stappe en fan dy hearre litte as dichter.”

It tal lêzers fan poëzij hat noait grut west, mar as minsken ûntferwacht in gedicht hearre of lêze, makket dat soms hiel wat los. De measte leden fan it kollektyf kinne dêr út eigen ûnderfining oer meirare. Dêrom is it fan belang om minsken faker yn oantrekking mei poëzij te bringen.

Tjje Hoekstra: „Hoptek altyd dat in gedicht – al binne it mar ien of twa regels – echt oankomt. Soms bart dat. Ik haw it meimakke dat ik earne foarles en dat in man nei ofrin nei my takaam en fertelde dat er slim siik wie, dat er net lang mear hie. Hy frege oft der ien bepaalde regel út in gedicht fan my brûke mocht foar de roukaart.”

Syds Wiersma: „Lies de Fryske oersetting fan *Oude oan 'e sipe!* fan Pablo Neruda oait foar yn *Op en út* fan Omrop Fryslân. „Letter waard ik belle troch in boer fan it Bildt. Hy wie krekt mei de trekker op in fjild mei sipels doe't er it hearde. Hy hie de trekker stil set en hy hie harke.”

“Sa moatte der in hiel soad net-skreaune gedichten wêze

Dichterskollektyf Rixt presintearret himsels fan 'e middei (freed 1 juny) op Omrop Fryslân yn *Noardewyn Live* fan programmamaker Willem de Vries.